

LangOER

Open Educational Resources (OER) yn lytse talen: in
rapport oer de stân fan saken



Auteurs

Linda Bradley, Sylvi Vigmo

Redaksje

Javiera Atenas, Paul Bacsich, Marit Bijlsma, Alastair Creelman, Cor van der Meer, Ebba Ossiannilsson, Giles Pepler, Elena Shulman, Anne-Christine Tannhäuser, Gard Titlestad, Monique Udnaes, Katerina Zourou

Stipers - projektpartners

-  **Cor van der Meer, Marit Bijlsma, Fryske Akademy**, Nederlân (Projektkoördinaasje)
-  **Katerina Zourou, Giulia Torresin**, Web2Learn, Griekelân (Projektmanagement)
-  **Elena Shulman, Valentina Garoia, European Schoolnet**, België
-  **Sylvi Vigmo, Linda Bradley**, University of Gothenburg, Sweden
-  **Gosia Kurek, Ania Skowron**, Jan Długosz University, Poalen
-  **Vaiva Zuzeviciute**, Mykolas Romeris University, Litouwen
-  **Gard Titlestad, Monique Udnaes, Øystein Johannessen**, International Council for Open and Distance Education, Noarwegen
-  **Anne-Christin Tannhäuser**, European Foundation for Quality in E-learning, België
-  **Sanita Lazdina, Ilga Suplinska**, Rezekne Higher Education Institution, Letlân







Grafysk ûntwerper

Stefanos Xenakis www.startworks.com

Foar de oersetting yn it Frysk

Marit Bijlsma, Cor van der Meer en Hindrik Sijens

Folgje ús

-  Twitter [#LangOER](https://twitter.com/LangOER)
-  Slideshare [LangOER](https://www.slideshare.net/LangOER)
-  Mendeley [LangOER: OER and languages](https://www.mendeley.com/groups/LangOER-OER-and-languages/)
-  Diigo Group [Best content in OER and languages](https://www.diigo.com/group/Best-content-in-OER-and-languages)
-  Facebook [LangOER Teachers group](https://www.facebook.com/LangOER-Teachers-group/)
-  langoer@eun.org



Dit produkt is makke ûnder lisinsje fan de [Creative Commons Attribution 4.0 International License](https://creativecommons.org/licenses/by/4.0/).



Dit projekt is finansierd mei stipe fan de Europeeske Kommisje. Dizze publikaasje is de eigen ferantwurdlikheid fan de auteurs en de Kommisje is net ferantwurdlik foar it gebrûk dat eventueel makke wurdt fan de dêryn opnommen ynformaasje.

Graach sitearje as:

Bradley, L., & Vigmo, S. (2014). *Open Educational Resources (OER) in less used languages: a state of the art report*. LangOER consortium <http://langoer.eun.org/>.

Ynhâldsopjefte

Foarwurd	3
Gearfetting	4
1. Yntroduksje.....	4
2. De definysjes fan lytse talen en OER	5
3. Methodology	6
4. Risseltaten - it grutte gehiel	7
5. Hiaten en útdagings.....	8
6. Suggestjes foar fierder ûndersyk.....	10
7. Yndikative bibliografy	11

Foarwurd

It LangOER-netwurk, dêr't njoggen Europeeske partners yn oparbeidzje, is in trije jier duorjend projekt (jannewaris 2014-desimber 2016), dat méistipe wurdt troch de Europeeske Kommisje (KA2 Languages Action fan it Libben Lang Leare Programma). Dit rapport "Open Educational Resources (OER) yn lytse talen: in stân fan saken" is de earste publikaasje fan it LangOER-netwurk, in ambisjeus projekt mei tige motivearre partners, dat rjochte is op de rol fan OER yn lytse Europeeske talen dy't it gefaar rinne om linguïstysk en kultureel marginalisearre te wurden yn in him fluch ûntwikkeljende digitale wrâld. 'OER' kin yn it Frysk oerset wurde as Iepenbier Tagonklike Edukative Helpmiddels (ITEH). Yn dizze publikaasje sil lykwols hieltyd de algemien gongbere ôfkoarting OER brûkt wurde.

Dizze stúdzje sette útein mei in djipteûndersyk fan OER nei 17 lytse talen, lykas beskreaun wurdt yn de projektomskriuwing. Uteinlik hawwe wy 23 talen ûndersykje kind, mei tank oan de konneksjes fan it netwurk en, noch belangriker, troch ús passy foar linguïstyk en de kulturele skakearring yn Europa. Wy hoopje, dat de lêzer dizze stúdzje as wiidweidich en brûkber beskôgje sil en wy soene graach mei him/har yn kontakt komme fia ús eveneminten en troch middel fan ús sosjale netwurken. Wy binne fan betinken dat wy in soad fan inoar leare kinne.

Katarina Zourou, Ph.D., LangOER-projektmanager

Gearfetting

Dit rapport jout in oersjoch fan de risseltaten fan it wiidweidich ûndersyk nei en de analyze fan Open Educational Resources (OER, 'Iepenbier Tagonklike Edukative Helpmiddels') oangeande de doeltalen fan it LangOER-konsortium: Nederlânsk, Frysk, Gryksk, Letsk, Litousk, Poalsk en Sweedsk. De doeltalen binne útwreide nei mear Europeeske talen, regionale en minderheidstalen (RMT), lykas: Katalaansk, Deensk, Estsk, Finsk, Flaamsk, Hongaarsk, Yslânsk, Italiaansk, Latgalysk, Noarsk, Roemeensk en Welsk. Oan it ûndersyk is ek in mear globaal oersjoch taheakke, mei talen lykas Ingelsk, Fransk en Dútsk. Soks, om in referinsjeramt te hawwen. De seleksje fan de 22 talen yn it projekt is in yndikaasje en is net folslein. De methodology dy't foar dit ûndersyk brûkt is, bestiet út in ynternasjonale enkête, in LangOER-konsortium-konsultaasje en eveneminten foar belanghawwenden dy't bydroegen hawwe oan it evoluearjende begryp fan OER yn de lytse talen. Ferskate boarnen binne brûkt. De measte binne beskikber op de sosjale platfoarmen [Mendeley](#) en [Diigo](#) en fergees tagonklik. Dit rapport presintearret allinnich de aktuele stân fan saken en biedt in yndikative list mei referinsjes oan. De risseltaten yllustrearje it wikseljende lânskip. Der wurde lykwols ek útdagings identifisearre dy't noch oanpakt wurde moatte. Yn it bysûnder jouwe wy de needsaak oanom de kwaliteit fan online databanken dy't learmiddels yn de boppeneamde talen oanbiede en saken fan spesifike linguistyske aard, dy't omtinken krije moatte foar takomstige ûntjouwingen, fierder te ûndersykjen. Dizze diskusje befettet ûnderwerpen dy't belangryk binne om it fjild fierder mei te ûntwikkeljen, lykas polityk, taalbarrières, meartaligens en de rol fan de tarieding fan beoefeners en ek de praktiken.

In annex is taheakke om it ferskaat fan de ûndersochte talen yn dit rapport ta te ljochtsjen en te demonstrearjen.

1. Yntroduksje

Yn it ramt fan dit rapport wurdt de stân fan saken fan OER yn lytse talen presintearre en wurde in stikmannich hjoeddeiske skaaimerken fan relevânsje foar fierder ûndersyk oanjûn. It LangOER-netwurk is rjochte op de rol fan Open Educational Resources (OER) yn lytse Europeeske talen dy't it gefaarinne om linguistysk en kultureel marginalisearre te wurden. De aktuele stân fan saken is, dat guon talen te min represintearre wurde yn it OER-fjild, dat op it stuit dominearre wurdt troch oare wrâldtalen, dêr't it Ingelsk mar ien foarbyld fan is. Dêrom sil it projekt derop rjochte wêze hoe't de regionale lytse talen foardiel helje kinne út it brûken fan OER.

De partners fertsjintwurdige linguistyske ekspertize yn de measte projektalen: Deensk, Nederlânsk, Flaamsk, Frânsk, Frysk, Dútsk, Gryksk, Yslânsk, Italiaansk, Latgalysk, Letsk, Litousk, Noarsk en Poalsk. Oare Europeeske talen, lykas it Katalaansk, Ingelsk, Estsk, Finsk, Flaamsk, Hongaarsk, Roemeensk en Welsk, wurde ek behannele. Soks om by te dragen oan it begripen fan it OER-fjild en om foarbylden te jaan fan oare wurkwiizen dy't tapast binne oangeande lytse talen en OER. Sa hat dizze stúdzje it OER-plaatsje fan ferskate lytse Europeeske talen en OER ûndersocht, tagelyk mei in pear gruttere talen foar referinsje. De seleksje fan de talen is in yndikaasje en is net alles omfiemjend. Al mei al, omfettet de stúdzje 22 talen.

Yn it netwurk binne de folgjende talen fertsjintwurdige: Nederlânsk, Frysk, Gryksk, Letsk, Litousk, Poalsk en Sweedsk. Al dy talen, útsein it Frysk, steane op de list fan de Europeeske Kommisje mei de 24 offisjele talen. Oare ekstra selektearre talen foar in djipgeand ûndersyk, wiene ûnder oaren: Deensk, Estsk, Latgalysk en Welsk. Om't de taalsakkundigens fan de LangOER-partners soks tastie, binne it Noarsk en it Yslânsk allyksa tafoege, nettsjinsteande it feit, dat se net opnommen binne yn de list fan de

Europeeske Kommisje mei offisjele talen. Ingelsk, Dútsk en Frânsk fertsjintwurdigje gruttere taalmienskippen, mar binne opnommen om in potinsjele oare diminsje fan OER foar talen yn it algemien en foar meartalige perspektiven ta te foegjen.

It ferbetterjen fan de taalkundige en kulturele eleminten fan OER, it fuortsterkjen fan duorsumens troch it opnij brûken fan OER, yn te spyljen op de ferletten fan beliedsmakkers en ûnderwizers en, as lêste, om it begryp te fergrutsjen dat lytse talen it gefaar rinne om bûtensletten te wurden, binne allegear ûnderdielen fan it OER-projekt. Yn in letter stadium sil it projekt trainingen jaan oan ûnderwizers fan lytse talen (persoanlik en online) en sil it belanghawwenden fan regionale en minderheidstalen yn perifeare gebieten yn Europa omearmje, om it foar harren mooglik te meitsjen kennis op te dwaan en feardigens te ûntwikkeljen. Dit rapport giet benammen oer it hjoeddeiske fjild fan OER en de risseltaten wurde presintearre yn relaasje ta hiaten en útdagingen. Dêrnjonken wurde útstellen dien foar fierder ûndersyk nei de trochgeande ûntwikkeling. Dy útstellen binnefan belang foar Open Educational Practices (OEP) en foar it ûntwikkeljen fan nij belied.

Dizze stúdzje stiet yn it ramt fan de Europeeske rjochtlinen ta in better begryp en it ferbreedzjen fan ICT-basearre ûnderwiis en -training. Oanjûn wurdt op hokker wize ûnderwiis ûntwikkele en levere wurde kin, om de Europeeske eksellinsje en it Europeeskekonkurrearjend fermogen better te meitsjen. Soks kin bygelyks troch learmiddels iepenbier te meitsjen foar de grutst mooglike mienskip fan learders, in saak dy't befoardere wurdt troch it pan-Europeeske [Opening Up Education](#)-inisjatyf ([Kroes en Vassiliou, 2013](#)). Boppedatis der omtinken foar de ûntwikkeling fan OER troch digitale kanalen yn de 'ET 2020 Education and Training Strategy', de nije [Erasmus+](#)- en it [Horizon 2020](#)-programma's fan de Europeeske Kommisje.

2. De definysjes fan lytse talen en OER

Wat it LangOER-projekt oanbelanget, wurdt de folgjende definysje fan 'lytse talen' brûkt: Lytse talen binne talen dy't óf praat wurde troch in beheind tal minsken óf dominearre wurde troch in mear algemien brûkte taal. Likernôch 50 miljoen minsken yn Europa prate in regionale of minderheidstaal, dat is sa'n 10% fan de Europeeske befolking. Der wurde in soart ferskate definysjes brûkt om te referearjen oan "lytse talen" en it linguistysk ferskaat yn Europa. Soks makket it kompleks om ta mar ien inkele definysje te kommen. Under lytse talen wurde yn 'e regelferstien, dy talen dy't yn beskate regio's brûkt wurdeen/of as minderheidstaal yn in steat funksjonearje. Regionale of minderheidstalen wurde tradisjoneel brûkt yn in beskaat gebiet fan in steat troch ynwenners fan dy steat dy't in minderheid útmeitsje fan de fosleine populaasje fan de steat. En harren taal ferskilt dus fan de offisjele of nasjonale taal fan de steat dêr't se yn wenje.

Sa heart it Frysk bygelyks by de kategory fan regionale en minderheidstalen, mar it is wol in steatstaal mei in offisjele wetlike status yn Nederlân. Latgalysk, oan de oare kant, is gjin steatstaal, mar heart ta de kategory fan regionale en minderheidstalen. Soks lit sjen, dat de posysje (en wetlike status) fan talen fan ynfloed wêze kin op de tapassing en status fan OER.

Foar it LangOER ûndersyk nei de stân fan saken, hawwe wy de definysje fan OER brûkt fan de "Paris OER Declaration" (UNESCO, 2012). OER wurdt dêryn beskreaun as: "ûnderwiis-, lear- en ûndersyksmaterialen yn elts medium, digitaal as oars, dy't harren yn it iepenbiere domein befine as frijjoen binne ûnder in iepen lisinsje dy't tagong, gebrûk, oanpassing en fierdere distribúsje troch oaren om 'e nocht tasteane, sûnder of mei beheinde restriksjes. Iepen lisensearring is yn bout yn it besteande ramt fan yntellektuele eigendomsrjochten sa't dizze omskreaun wurde troch relevante ynternasjonale konvinsjes en respektarret it auteurskip fan it wurk" (s. 1).

Neffens dy definysje hâldt OER yn: middels dy't iepen tagonklik en frij te wizigjen binne, en ûnder in iepen lisinsje brûkt wurde kinne. Konkretisearre en wat de earste stappen yn dizze stúdzje oanbelanget, hawwe wy ús rjochte op OER as ûnderwiis- en learmateriaal dat yn it publike domein of mei in iepen lisinsje beskikber is. Iepen foar oanpassings, werferdieling en mei gjin of allinnich mar beheinde restriksjes foar tagong. Om begryp te krijen fan hokker ûnderwerpen nei sjoen wurde moat wat de lytse talen oanbelanget, hawwe wy oanjûn hoe't OER ûnderskaat wurde kin fan oare iepen tagonklike foara. Nettsjinsteande de bykommende iepene konsepten (iepen data, iepen wittenskip, iepen oerheid, ensafh.), hawwe wy foar dizze stúdzje in begryp oannommendat de klam leit op de iepen lisinsjekomponent en it belang om dit aspekt eksplisyt te meitsjen. Mei oare wurden, as der gjin fermelding stiet fan in iepen lisinsje, dan wurdt it materiaalstandert fan in "alle rjochten foarbeholden" auteursrjochtlisinsje foarsjoen. De list sa't dy yn de anneks te finen is, slút dizze OER lykwols net út. De reden foar dizze ynklusive oanpak is dat OER besjoen wurde moat as ûnderdiel fan defluch feroarjende maatskippij, wat oanjout datferoaring dielút makket fan in al mar trochgeande ûntjouwing, dêr't iepen lisinsjearring op syn beurt wer dielfan útmakket.

3. Methodology

De stân fan saken oangeande OER yn lytse talen is ûndersocht op trije ferskillende wizen: 1) in ynternasjonale enkête, dêr't eksperts op it mêd fan e-learen en OER yn ûnderfrege waarden nei harren fyzje wat OER oanbelanget, 2) in ûndersyk by de LangOER-partners nei OER-inisjativen oangeande de respektivelike lytse talen, en 3) troch middel fan spesjaal foar de dielnimmers oan it projekt organisearre aktiviteiten. Oanfoljend hat it LangOER-netwurk bysûnderheden sammele oer brûkbere materialen en teksten, en dyop twa online platfoarms set, nammentlik [Diigo](#) en [Mendeley](#). De útwikseling fan ynformaasje troch it brûken fan online sintralisearre blêdwizers en referinsjes binne ek in belangrike boarne fan ynbring west foar de stúdzje. Yn it ûndersyk is de OER-definysje fan UNESCO brûkt yn kombinaasje mei it kwaliteitsramt fan Atenas & Havemann (2013), dêr't in tal fan belangrike yndikators oanjûn wurde, lykas auteursrjocht, stipe troch sosjale media en iepen lisinsjearring, dy'tas essinsjeel foar de tapassing fan OER en hiel wichtich foar beliedsûntwikkeling sjoen wurde.

It ûndersyk nei de stân fan saken omfettet belangrike bydragen fan alle meiwurkers yn de maitiid fan 2014 oangeande ûndersyksaktiviteiten, mar ek it dielnimmen oan spesifyke weromkommende projekt gearkomsten mei taalexperts (yn Adobe Connect) en it kontakt mei taalexperts út Wales en Estlân by [OpenEdWeek](#) (14 maart 2014). Boppedat hat it projekt har befinings presentearre op it [ICDE's international workshop](#) yn Oslo (28 april 2014). Dêrneist is der ek in workshop hâlden op it [EFQUEL Innovation Forum and International LINQ conference](#) op Kreta (9 maaie, [Slideshare](#)), dêr't kwaliteitsyndikators foar meartalige databanken fan OER yn in ramt set binne, tegearre mei EFQUEL, om behelle risseltaten en ynsichten te fersprieden.

Om optimaal gebrûk meitsje te kinnen en troch te bouwen op besteande ekspertise op it mêd fan OER en OER-databanken ("Repositories of OER"; ROER), binne nasjonale en ynternasjonale eksperts kontaktarre fia in online enkête: Paul Kelly, Jean-Louis Maxim, Robert Schuwer, Tian Belawati, Leo Højsholt-Poulsen, Carina Bossu, Grainne Conole, Jan Pawlowski, Giles Pepler, Tore Hoel, Ronald MacIntyre, Gajaraj Dhanarajan, Aina L. Knudsen en trije anonime eksperts. Dizze eksperts fertsjinwurdigje in globale ekspertise binnen it pedagogyske fjild op universiteiten, consultants en ynternasjonale OER-netwurken foar iepen ûnderwiis en ûnderwiis op ôfstân. Njonken de mear algemiene fragen oangeande ROER, meta-analyses, stúdzjes en ynventarisasjes fan ROER, gienende belangrykste fragen oer it bestean, de tagong en de ûntwikkeling fan ROER, yn it bysûnder fan de lytse talen. Doe't de ROER ûndersocht waard, is der spesifyk omtinken joen oan it finen fan boarnen mei in

linguistyk perspektyf op lytse talen en meartalige boarnen. Risseltaten dy 't basearre binne op de enkête ûnderde ynternasjonale OER-eksperts binne opnaam yn de folgjende paragraaf.

4. Risseltaten – it grutte gehiel

It oersjoch wat ûntstiet fanút de nasjonale oanpakken oangeande OER, wurdt karakterisearre troch ferskaat; stimulânsen foar ynisyativen en eksplisite konneksjes mei ministearjes en nasjonale ûnderwiisorganisaasjes komme yn konkrete aksjes oan bar, bygelyks yn Grikelân, Wales en Kataloanië oankaart troch konkrete aksjes. Nederlân, bygelyks, hie [Wikiwijs](#), in nasjonaal inisjatyf wêrfan't it ferfolch rjochte is op Massive Open Online Courses (MOOCs i), yn it hegere ûnderwiis, net allinich op OER. It algemiene byld liet ek sjen dat nasjonale stimulânsen op ministerieel beliedsnivo minder sichtber wienen. Inkelde nasjonale oanpakken binne ferbûn oan online media lykas blogs, wat der eins op wiist dat meinammen de mienskip de driuwend is yn it beheljen fan OER yn de lytse talen. De [country reports of the POERUP project](#) drage by oan it begryp fan ferskaat oangeande OER-inisyativen op nasjonaal nivo, en wurde op it stuit noch aktualisearre.

De risseltaten fan ús ûndersyk litte in ferskaat OER-lânskip fan talen sjen. It bestean fan OER yn de lytse talen fariert fan talen mei in grut bestân fan OER oant talen mei net folle as hielendal gjin OER. Dit jout mear in yndruk fan ad hoc inisyativen, sûnder stimulânsen foar folledich duorsame ûntwikkeling. Der binne lykwols goeie redenen om goed op 'e hichte te bliuwen fan oanhâldende ûntwikkelings, bygelyks troch de [POERUP](#)-rapporten te folgjen dy 't trochgeand bywurke wurde en troch harren ramt út te wreidzje mei mear talen. Sûnder in potinsjele ferbining mei tasizzingen op it nivo fan lange termynbelied of de mienskip, rinne guon hoopfolle inisyativen spitigernôch it risiko om úteinlik te einigjen as ophevenwebsiden, wat yn it ûndersyk ferskate kearen nei foaren kaam. Fierder ûndersyk toande oan dat der tagelyk mei OER ek in grut oantal iepen tagonklike materialen en online boarnen binne dy't om 'e nocht brûkt wurde meie, mar beheint tagonklik binne om't lidmaatskip frege wurdt.

Troch it brûken fan UNESCO's definysje fan OER, hat it ûndersyk sjen litte kind dat datjinge wat OER neamd wurdt foar in grut part besteat út taallearmiddels yn it domein fan OER, lykas wurdboeken, online boeken yn digitale bibleteken, databanken, online kursusmateriaal, audio- en fideomateriaal, publikaasjes oer OER en materiaal dat rjochte is op praktykoefeningen foar spesifyke linguistyske saken. Soksoarte OER, foldogge hast oan alle kriteria fan de UNESCO-definysje. Mar oer it algemien binne se minder maklik oan te passen, dat wol sizze: it is oaren net tastien om it materiaal oan te passen. OER dy't spesifyk rjochte binne op lytse talen binne hast net te finen. In ferklearring foar dit tekoart oan fleksibiliteit is dat, hoewol't it konsept fan it iepen beskikber meitsjen fan learmiddels sels populêr is by ûnderwiizers, it troch de útjouwerij sjoen wurdt as in bedrieging foar it lêzerspublyk fan boeken en meinammen fan tekstboeken (Sliwowski & Grodecka, 2013). Dit is meinammen ek sichtber yn Yslân, dêr't ien edukative útjouwer dominearret yn it foarsjen yn skoaltekstboeken. In foarbyld fan in mei de steat belutsen inisjatyf is it Yslânske [Námsgagnastofnun](#), [The National Centre for Educational Materials](#) (NCEM); om't it ferbûn is oan it Ministearje fan Kultuer en Edukaasje, binne dematerialen fergees en koppele oan it nasjonaal kurrikulum.

Foar inkelde lytste talen binne der mar in pear grutte OER-databanken dy't fier genôch ûntwikkele binne om te foarsjen yn in grut oantal gebrûkers. Dit is it gefal mei, bygelyks, de databanken yn it Estlânsk en Sweedsk. Yn Estlân hat [HITSA](#) 4500 bestânen, [Koolielu](#) hat 7500 bestânen, en yn Sweden hat de ROER [Lektion.se](#) mear as 208.000 leden (gegevens fan juny 2014). Ynfierde materialen en leden jouwe in yndikaasje fan hoe't twa ferskillende diminsjes brûkt wurde om belutsenens by OER sichtber te meitsjen, hoewol't wat no eins ymplisearre wurdt yn konkrete termen minder ynformatyf is. De ferskillende wizenom belutsenens by OER sjen te litten, ynfierde materialenen leden, wize opin oar aspekt dat freget om fierdere ferhelding om brûkber te wêzen foar it yn it ramt setten fan OER. Der

binne ek meartalige OER-databanken mei in grut oantal oan talen, bygelyks [LeMill](#) (mei nei it skynt sa'n87 talen). Inkelde talen, bygelyks it Welsk, hawwe in skiednis fan it ûntwikkeljen fan de taal troch inisjativen fan ferskate spilers, [Open University](#) is dêrfan ien foarbyld. [Gaelic4Parents](#) lit in hiele oare oanpak sjen en rjochtet har streekrjocht op bêrn en harren âlden foar it stypjen fan it Gaelic, hoewol't dizze taal net ûnderdiel útmakket fan de yndikative list mei talen.

It ûndersyk is útfierd mei in spesifyke fokus op de neikommendekriteria; iepen lisingearing of beskiberens yn it iepenbiere domein, it ûnbeheind dielen, opnij brûken en feroarjen fan material, en funksjes foar evaluaasje en beoardieling troch geliken. Materialen dy't net in explisite fermelding hawwe fan in iepen lisensje, binne net opnaam yn dit rapport. Se binne lykwols wol opnaam yn de anneks, om it hjoeddeiske ferskaat yn it OER-lânskip sjen te litten, mar ek om te erkennen dat it proses fan iepen lisingearingyn gong setten is.

5. Hiaten en útdagings

At men de materialen better besjocht, dan blykt dat de databankenfor it grutste part besteane út keppelingen dy't liede nei argiven yn mediabibliteken (audiofisueel), musea en databanken mei foto's, ôfbieltingen, films, televyzjeprogramma's en audiobestânnen, mar ek nei bibliteken en online elektroanyske boeken. Oare faak foarkommende soarten materialen binne bygelyks ynformative websiden oer ûnderwerpen oangeande OER-ûntwikkelingen, frije tagong, útlizzen en foarbylden fan iepen ûnderwii inisjativen en online kolleezjes, sa asoer auteursrjocht, mar ek essays en artikels oangeande OER binne beskiber om dêl te heljen.

It byld dat ûntstiet fan OER yn lytse talen jout de yndruk dat ferskate saken fan relevânsje oer de tapassing fan OER troch professionals en de ûntwikkeling fan OER mear oandacht fertsjinjeat OER foar de lytse talen bydrage moatte oan in mear ferskaat kultureel en linguistysk lânskip. Om it fjild fierder te ûntwikkeljen, moatte we in mienskiplik begryp fan sawolde betsjutting fan OER en de waarde fan OER foarfoar lytse talen ûntwikkelje. Boppedat kinne ûnderwizers, ûnderwiisliders en beliedsmakkers in gruttere ympakt hawwe at de krêften foar ûntwikkeling fan OER bondele wurde. Guon wichtige boadskippen wurde hjirûnder koart behannele, as saken dy't mear oandacht nedich binne.

It kaderjenfan lytse talen

Lytse talen litte in ferskaat beeld sjen troch de ferskillen yn in oantal parameters, lykas demografy, belied, kultuer, depenetraasje en kultuer fan ICT en ûnderwiissystemen om mar in pear te nimmen. Dit lit sjen dat it needsaaklik is om de ferskillende eleminten altyd te bestudearjen as wienen se lontekstueel mei inoar ferbûn. Mei oare wurden, it is tige wichtich om jin bewust te wêzen fan de posysje fan OER en gjin opperflakkiche fergelykingen te meitsjen. Lytste talen hawwe net per definysje in beheinde OER-tapassing. Foarbiellden besteane fan it tsjinoerstelde, lykas Katalaansk en Welsk, twa Eruopeeske regionale talen. Fierder is ûntdutsen dat lytste steatstalen goed fertsjinwurdige wêze kinne, nettsjinsteande in beheinde kapasiteit wat ynfesteringen en de grutte fan de populaasje oanbelanget, lykas it Ests en it Sweedsk.

De rol fan belied

OER wurde al gau opnaam yn de algemiene wurklist fan Iepen Edukaasje, wat ymplisytit idee jout dat der OER binne foar talen. Mei inkelde útsûnderingen lykje der minderferbiningen mei it learen en ûnderwizen fan taal, spesifyk foar lytste talen, te wêzen dan ferwachte doe't it LangOER-ûndersyk begong. It byld dat ûntstiet, lit de potinsje fan OER foar it learen en ûnderwizen fan taal sjen, wat

benammen dúdlik wurdt by lytste talen dy't stipe hawwe op nasjonaal nivo. It grutte gehiellit lywols in tekoart oan eksplisite nasjonale ynvesteringen op belieds- en ministerieel nivo sjen. Dochs binne der wol inkelde foarbylden fan lytse talen dy't harren ûnderskiede opbelieds- en nasjonaal nivo. [Wikiwijs](#) yn Nederlân (yn it ferliene) en [KlasCement](#) as ûnderdiel fan de Flaamske oerhied, binne beide in foarbyld fan hoe wichtich belied is foar de ûntwikkeling fan OER, harren kwaliteit en duorsumens. De Noarske digitale learomjouwing, [NDLA](#), kin as foarbyld tsjinje fan in nasjonaal gemeentlik ynisjatyf dat iepen learmiddels biedt oant en mei de boppebou fan it fuortset ûnderwiis.

It berikken fan it folle potinsjeel fan OER – Kwaliteit fan databanken

Om de ûntwikkeling fan iepen learmiddelapossingen te stypjen en better aktualisearjen troch ûnderwizers te befoarderjen, soenen de platfoarms dy't learmiddels oanbiede it siekjen, dielen en opnij brûken fan dizze learmiddels en gear wurkjen mooglik meitsje moatte. Atenas and Havemann (2013) befelje tsien kwaliteitsyndikators oan foar databanken fan OER (ROER) en ûndersochten 80 ROER út ferskate regio's fan de wrâld. Se kamen derachter dat it meast foarkommende it 'foarsjen yn stekwurden' (93,75%) wienen, wylst it oanbieden fan apart ûnder it ljocht brochte boarnen (30%) wienen, stipe fan meartaligens (30%) en it tagonklik meitsjen fan de boarnkoade (27,5%) minder faak foarkamen. Iepen lisensjes waarden mar by de helte fan de ûndersochte databanken fûn, en dizze sifers binne noch leger foar de Europeese databanken ûnder tafersjoch. Fanwege it berik koe ús desktop-ûndersyk net útwreide wurde nei it ûndersykjes fan ROER yn de lange list fan lytse talen, mar it byld dat hjirboppe sketst wurdt, lit de needsaak sjen om in mear wiidwreadige en systematyske oanpak foar kwaliteit te yntegrearjen, en wol om de neikommende redens: wurkjejn oerienstimming mei in rige yndikators foar databanken fan learmiddels soe in byld fan ferskate "nivo's fan iepenens" jaan, dat wol sizze: in databank mei frij tagonklik materiaal op it mêd fan lytse talen en kinne opsjes foar funksjoneel sukjen, helpmiddels om te dielen fia sosjale netwurken en opmekringen te meitsjen oanbiede, mart tagelyk gjin dúdlikheid jaan oer lisensjes of de namme fan de makker fermeldzje. Dit soe dêrom net beskôge wurde as in OER om't it net past binnen de UNESCO-definysje, mar it is dochs wol in belangrike boarne foar ûnderwizers mei de potinsje foar mear aktualisearring at spesifyke kwaliteitsaspekten meinaam wurde yn de oerwagings foar fierdere ûntwikkeling.

Tagonklikheid en kontekst

OER yn konneksje mei it learen fan lytse talen moatte harren omfang útwreidzje foarby it organisearre en ynstitúsioneel strukturearre taalûnderwiis om de betingsten foar it learen yn de hjoeddeiske mienskip te kinne wjerspegeljen. Dit ymplisearret dat der nei taallearen sjoen wurde moat as jin dwaande hâlde mei aktiviteiten foar ferskate doelen en ynteresses. Wat beskôge waard as in linguïstyske barriêre, wie yn dit ferbân de beheinde tagong ta OER, bygelyks wannear't in ferbining mei in ûnderwiissysteem as skoalle needsaaklik wie. Monolinguïstyske OER kinne in oare barriêre wêze foar bûtenlânske taallearders at se de doeltaal net goed behearsje. Boppedat kinne fragmentearre OER as OER dy't gjin eksplisite pedagogyske hânlieding of senario's in negatyf effekt hawwe op de autonomy fan in learder. In manier om dit oan te pakken is it fergrutsjen fan de OER-tapassing trochde learwegen te ferankerjen as dizzen te integrearjen yn learsenarjio's. Dit betsjut dat de kontekst dêr't OER yn brûkt wurde ek ûnderdiel útmeitsje fan de útdaging (Wiley, et al., 2004).

Meartaligens

Njonken de monolinguïstyske databanken yn de doeltalen fan de stúdzje, is it belangryk om ek de meartalige databanken te neamen. Guon foarbylden binne [HITSA](#) en [Koolielu](#), twa Estse meartalige databanken, [LORO](#), dat beheart wurdt troch de Open University, [Language Box](#), dat beheart wurdt troch de Universiteit fan Southampton, [Temoa](#), in databank mei mear dan tsien talen, dy't beheart wurdt troch de Virtual University of Tecnológico de Monterrey System, de OER-databank foar metadata [Learning](#)

[Resource Exchange](#), dy't beheart wurdt troch it European Schoolnet en UNESCO's IITE [Open Education Resources Gateway](#). Yn de Feriene Steaten hawwe Language Resource Centres (LRCs) harrenkrêften bondele yn in unyk [portaal](#) dat OER yn ferskate talen befettet, wêrby't it Center for Open Educational Resources & Language Learning ([COERLL](#)) fan 'e Universiteit fan Texas de lêste tsien jier in liedende rol spile hat by OER. Al dizze foarbylden litte de waarde fan OER sjen fanút in global perspektyf.

De rol fan ûnderwizers

Ûnderwizers fan talen, en benammen ûnderwizers fan lytste talen, binne professionals mei ekspertise yn pedagogysk ûntwerp, en binne fan grut belang foar it fierder ûntwikkeljen fan OER foar taaldoele. Konkrete oandacht besteege oan de ferbinings mei iepen learmiddelen en tapassingen wurdt foarsteld as in sterke manier om foarút te gean. Om dit oan te kaarten, wurde samlike ynisjativen fanút ferskate perspectiven, dat wol sizze: gebrûk meitsje fan ekspertise en erfaring, hjir foarsteld as in produktive manier om fierder te gean. De belutsenens fan ûnderwizers is fan essensjeel belang foar it garandearjen fan duorsumens en kwaliteit fan OEP.

Iepen learmiddels

Fanút in linguïstysk perspektyf wurdt oanbefeld om it begryp fan wat it gebrûk en lere fan taal betsjut foar hjoeddeiske boargers opnij te besjen. De measte OER dy't identifisearre ûndersocht binne foar lytse talen waarden karakterisearre troch harren statyske aard net troch iepenheid en de mooglikheden foar oanpassingen ynnovaasje. In part fan it útwreidzjen fan it berik soe wêze kinne dat der nochris sjoen wurdt nei de diskusje fan Wiley (2014) oer de [Access Compromise and the 5th R](#), útdrukt yn termen as: behâlde, opnij brûke, feroarje, opnij mingenen fierder distribuearjen, om by te dragen oan de diskusje oer wat OER definiearret.

It byld dat ûnstiet fan OER reflekteart in mear tradisjoneel sicht op it gebrûk fan lytse talen, wat it tsjinoerstelde is fan in al mar meardigitaal stjoerde, grutter wurdende feroarjende wrâld. Der is in needsaak om folop gebrûk te meitsjen fan aktuele troch de mienskip oantrúne trends, lykas "crowdsourcing", feed-back fan geliken en oanbefellingssystemen, wat de belutsenens fan gebrûkers fergruttet en ferbining makket mei de hjoeddeiske partisipearjende kulturen.

6. Suggestjes foar fierder ûndersyk

De takomstige evolúsje fan lytse talen wurdt útlein yn dit rapport as ûnderdiel fan it daaglik libben en is net beheint ta de nasjonale kurrikulums en it gebrûk fan talen binnen in ynstitusjonele kontekst as aparte aktiviteiten. Earder it tsjinoerstelde, it learen en ûnderwizen fan lytse talen, lykas oppakt yn dit rapport, hatekrijen mei transfersale aktiviteiten, dy op harren beurt de ôfskieding fan pedagogysk ûntwerp sa at it ferbûn is mei de ferskate kwaliteitsaspekten. Tagong ta OER wurdt faak sjoen as problematysk en tiidslinend. Der binne enkele ymplisite oannames ferbûn mei OER, en at wede ynfloed fan OER dan as in gegeven te beskôgjen, dan litte we krusiale aspekten lykas pedagogyske saken oangeande it learen en ûnderwizen fan in taalyn spesifyke termen, en de needsaak om it opnij oante passen mei it eage kontekstuele en curriculaire saken bûten beskôging.

Der binne ferskate saken wêrfierder ûndersyk foar nedich is om't it berik fan dizze stúdzje beheint is ta de tafoegde waarde foar lytse talen. Guon suggestjes binne: in wiidwreidiger ûndersyk nei kwaliteitsyndicators foar OER en harren yntegraasje mei belied en training fan ûnderwizers; iepen lear-/ûnderwiistapassingen en Wiley's 5R's-doel; de flugge ûntwikkeling fan digitale technologieën, en wat dit

betsjut foar OER en lytste talen, mei oare wurden yn termen fan metadata en de interoperabiliteit, sykmooglikheden en tagonklikheid fan platfoarmen.

7. Yndikative bibliografy

Hjirûnder wurde inkelde yndikative referinsjes jûnn, om't it bûten proporsje wêze soe om alle referinsjes te neamen yn dit koarte rapport. Wy noegje de lêzers út om te sjen op (en ferbining mei ús te meitsjen fia) ús sosjaal dielde omjouwingen [Diigo](#) en [Mendeley](#), dêr't in folsleine listfan alle referinsjes en keppelingen te fynen is.

Alle hyperlinks yn de tekst binne foar it lêst besocht op 30 juny 2014.

Atenas, J., & Havemann, L. (2013). [Quality assurance in the open: an evaluation of OER repositories](#). *INNOQUAL*, 2, 22–3.

Falconer, I., McGill, L., Littlejohn, A., & Boursinou, E. (2013). [Overview and Analysis of Practices with Open Educational Resources in Adult Education in Europe](#). Seville: JRC/IPTS, European Commission.

Johnson, L., Adams Becker, S., Estrada, V., & Freeman, A. (2014). [NMCHorizon Report: 2014 Higher Education Edition](#). Austin, Texas: The New Media Consortium.

POERUP project (2014). [Country reports](#).

Śliwowski, K., & Grodecka, K. (2013). [Open Educational Resources in Poland: Challenges and Opportunities](#). UNESCO: Moscow.

UNESCO (2012). [2012 Paris OER Declaration](#). World OER Congress, Paris, June 2012.

Wiley, D., Waters, S. H., Dawson, D., Lambert, B., Barclay, M., & Wade, D. (2004) "[Overcoming the limitations of learning objects](#)" *Journal of Educational Multimedia and Hypermedia*13(4).

Wiley, D. (2014). [Iterating towards openness](#). The Access Compromise and the 5th R.